

Boekbesprek

Unike rige ferhalen yn 'Dit is de dei'

Hjoed de dei spilet him hiel wat ôf yn de wrâld, mei as gefolch dat de aktualiteit foar master opslacht. In protte folwoeksenen fine it dreech de ûntwikkelings by te hâlden of slute har sels ôf fan it nijs oer oarloch, rampen en de leagens fan autoritêre liederen. Lit stean dat bern mei de smartphone foar eagen wiis wurde kinne út it aktuele nijs.

troch Willem Tjerkstra

Mar bern steane net stil yn har eigen ûntwikkeling en komme op it lytse skermke yn oanrekking mei wat yn de lytse en grutte wrâld op harren ôfkomt. As master, juf, mar benammen heit en mem dêr net stjoer oan jouwe, ferslaan bern deryn.

Wat dat stjoer wêze kin, hinget ôf fan de libbensoertsjûging fan de opfieders. Der is in grut ferskaat oan oertsjûgings. Foaral troch de sekularisaasje is dy fariaasje tanommen en de ynfloed fan it kristendom ôfnommen. Bern komme hoe langer hoe minder yn oanrekking mei de Bibel en krije net mear in trochgeande line fan Bibelske ferhalen mei fan âlders en skoalle. De gearwurkingsskoalle, dêr't iepenbier en kristlik ûnderwiis yn opgien binne, hat yn dit ferbân ynfloed hân.

Bern en Bibel

De Bibel is net foar bern skreaun. Doe't de Bibelske ferhalen ûntstien binne, spilen (lytse) bern yn it deistige libben mar in lytse rol. Dat docht ek bliken yn it ferhaal fan de segening fan de bern troch Kristus. De dissipels besochten de bern by harren master wei te hâlden, want se hearden der net by.


Yn de rin fan de iuwen dêrnei wie de Bibel foar 'gewoane' tsjerkegongers in sletten boek, lit stean dat de ferhalen ôfstimd waarden op bern. Doe't yn Nederlân de 'School met de Bijbel' in legitym plak krige, waard de skoaldei begûn mei in ferhaal út 'e Bibel, dat juf of master oanpaste oan it nivo fan de bern. Yn dy tiid kamen ek de earste bernebibels út, bygelyks *De Bijbelsche Geschiedenis aan kinderen verhaald door S. Ulfers* mei as earste sin: 'Eens – en dat is heel lang geleden – was God alleen. En God wilde niet alleen zijn'. It gie dêrby om de oanpassing fan de formulearring, sadat bern de tekst begripe koene.

Resinter kamen boeken út dêr't de ferhalen ek op in oare manier ôfstimd waarden op bern. Yn de *Kijkbijbel* spylje yllustraasjes in grutte rol. En yn *Leven met toekomst* binne nêst de Bibelske ferhalen spegelferhalen opnommen, dêr't itselde tema yn in hjoeddeiske situaasje útwurke is. Yn Fryslân is *De Hillige Histoarje* fan Ulbe van Houten yn trije dielen in bekende bernebibel mei in beheind tal yllustraasjes. Letter is de *Kijkbijbel* yn it Frysk oersetten ûnder de namme *Printebibel*.

Dit is de dei

Koartlyn is der in boek útkommen mei in unike opset, nammentlik *Dit is de dei*, skreaun troch Foekje Fleur Fink en yllustrearre troch Tineke de Boer-Popma.

De iene dei folget op de oare, lykas it iene fer-



Sara en Simon libje yn de tiid fan Jezus en folgje - fan tichtby en mear op ôfstân Syn wei. Tekening: Tineke de Boer-Popma

haal op it oare folget. Yn *Dit is de dei* is der sprake fan ien trochgeande line, nammentlik dy fan de ferhalen út it libben fan Kristus mei as begjin syn doop troch Jehannes. Yn dy trije jier libbet de twaling Sara en Simon ek mei yn dy ferhalen. Sy folgje mei har âlders, âldste broer Daniël en har pake fan tichtby en mear op ôfstân de wei fan Jezus.

Elk ferhaal begjint mei it foarfal út it libben fan Sara en Simon en giet gearhingjend oer yn it ferhaal fan Jezus. De húshâlding dêr't Sara en Simon yn grut wurde, hat eigenskippen dy't ferlykber binne mei dy fan hjoed de dei. Foar bern dy't de ferhalen hearre of sels lêze, is der in dûbele identifikaasje. Yn it foarste plak mei Sara en Simon, mar de bern kinne ek in relaasje lizze tusken har eigen famylje en dy fan de twaling. Sa ûntstiet der in ferbining tusken de wrâld fan hjoed de dei en de wrâld fan Kristus, net mei de eagen op it lytse skermke, mar mei de eagen fan Sara, Simon, grutte broer Daniël, harren âlders en pake. Dy eagen binne rjochte op de wei fan Kristus en skôgje sa it libben dêr't rjocht en frede it foar it sizzen hawwe yn plak fan de leagens fan autoritêre machthawwers.

Deis en op snein

Mocht op skoalle it libben fan Kristus oan de oarder komme, dan soe juf of master derfoar kieze kinne om *Dit is de dei* te fertellen. Dêrmei komme de learlingen yn kontakt mei bern út de tiid fan Jezus en mei Jezus sels yn in trochgeande line fan ferhalen. De auteur, dy't dûmny is, hat sels yn de wike foar Peaske de ferhalen ferteld yn de tsjerke fan Sumar, útrinnend yn Peaskesnein. De reaksjes wiene tige posityf.

Dei fan it oardiel

Hjir folget it begjin fan de teksten oer de feroardieling fan Kristus as foarbyld fan de opset:

It wie drok by it hûs fan Pilatus. Hy wie de baas yn Jeruzalem. En hy moast sizze hoe't it fierder soe mei Jezus. Heit en mem woene derby wêze as Pilatus rjochtspruts. Pake en ek Sara en Simon wiene meikommen. Se holden inoar stiif fêst by de hân, want der waard bot treaun en krongen.

Sara flústere: "Hoe tinksto dat it komt mei Jezus?" Simon sei: "Ik tink dat Er wol frij komt. Hy hat al linne mar goeie dingen dien."

Pake knikte en sei, sadat alle minsken it hearre koene: "Jezus is gjin rôver!"

"Stilte!", rôp Pilatus doe't se Jezus deryn brochten. "No wol ik einlings wol ris witte, wat hjir te rêden is."


De minsken dy't der om hinne stiene, begûnen troch inoarhinne te praten. De iene rôp: "Hy mei ús net mear ûntkomme!" In oarenien sei: "It is in oproerkraai!"

... Doe moast Pilatus wol yngripe. Hy draaide him om en sei tsjin de soldaten: "Nim Him mei!"

Sara sloech de hannen foar de eagen.

Mem flústere: "Dat kin net wier wêze..."

Willem Tjerkstra is skriuwer en âld-ûnderwizer en -skoaldirekteur. Hy wennet yn Snits



Dit is de dei - Sara en Simon folgje Jezus, Foekje Fleur Fink De Pinne - ISBN 789403769431 14,99 euro